



**Sa dúdlik as it begjin fan de 2e wrâldoarloch, de 10e maaie 1940, my foar eagen stiet, sa ûndúdlik is de lêste dei dêrfan oan te wizen. Wy hawwe der nei útsjoen en lokkich, de befrijing kaam... Mar foar ús as bern hiel stiltsjes: wy wiene sûnt begjin maart 1945 by ús beppe yn Easternijtsjerk. Nei sa'n twa moanne, it wie ein april of begjin maaie, seagen wy oan in telefoanpeal foar beppe's hûs oer in papier oanplakt, dêr't op stie dat de Dútsers harren oerjûn hiene. En dat wie ús befrijing!**

Heit en mem hawwe ús letter ferteld oer it dûnsjen op 'e strjitten en dy Sweedske wite bôlen. Wy kinne der sels spitigernôch net oer meiprate, mar dat wy bliid wiene kin elts begripe en ik tink alle minsken út it doarp. Hja toanden harren net sa útlitten as yn it westen. Wol hawwe wy letter in grut feest hân by in heareboer op 't hiem.

De lêste twa moanne foar de befrijing hiene wy genôch te iten en dat wie letterlik in stik bûter yn 'e brij. Bûter dy't wysels yn in jampotsje skodzje koene fan de ôfrjemme molke, dy't wy fan in neef fan beppe Jousma, in boer yn Bollingwier, yn in ammerke ophellen. En as wy, myn sus en ik, dan wurch by Sape en Griet en Geert it efterhûs ynstapten, dan seagen wy de grutte panne mei havermoutenbrij al boppe it fjoer hingjen en kriegen wy in poarsje. Mar earst naam Geert it tsjûke brune flues dat der oer lei, dêr't er gek op wie, op syn panne en ik kin jimme net sizze hoe't ús dat oangriisde! Dêrnei

toffelen wy wer mei ús ammerke molke werom fan Bollingwier nei Nijtsjerk. My heucht noch it sûzjen fan 'e wyn by de telefoantrieden lâns, dy't doe fansels noch boppe de grûn hongen.

Fierder hiene wy gjin boeren yn 'e famylje, mar oan ierappels, griente en bôle wie wol te kommen. Yn alle gefallen mear as yn De Haach. Yn de hûngerwinter wie dêr neat mear. En wy koene as 'hongervluchteling' yn Mitselwier twa bonkaarten helje en kuieren dêr dan hinne. Fierder gongen wy ek te foet nei Nes om ús brieven nei heit en mem oan de frachtrider mei te jaan en in oare kear harren brieven oan ús op te heljen. My tinkt, der wiene gjin posttreinen en gjin ferbining mei it westen, lit stean dat wy telefoan hiene. Nee, foar ús heiten-dy wie it in nuodlike tiid.

Mei de frachtrider út Nes wiene wy begin maart ek nei Fryslân ta kommen. Moarns betiid yn 't tsjuster fan hûs yn 'e Parsifalstrjitte, fuortby Kijkduin, mei syn fjouweren: heit, mem en wy. Myn suske

---

fan 10 jier op klompkes (ik hear it klikken noch) en ik sil skuon hân hawwe, mar dêr wit ik neat mear fan. Ik wit wol dat it in hiel ein rinnen wie nei Voorburg, nei de Prinses Mariannelaan. En dêr stie dan sa'n frachtwein. Wy der yn mei mear jonges en famkes, dy't nei gastgesinnen yn Fryslân soene. En dan: útswaaie! Ik wit net wa't dat slimmer fûnen, wy tusken dy frjemde bern of heit en mem, dy't wer op hûs ta moasten sûnder ús en mei in lege mage. Mar se hiene no wol fjouwer bonkaarten mei syn twaën...

En wy ûnderweis... Kontrôles troch Dútske soldaten dy't jonges foar it front sochten en ek nochris útstappe foar oanfallen út de loft. It wie al tsjuster doe't wy yn Nes oankamen. Wy bleaune dêr foar

ien nacht en sliepten by in famylje, dy't ús traktearre op brea mei spek. It wie alderhearlikst; wy, dy't neat wend wiene en dêrnei yn de bedstee!

De oare moarns brocht ús gasthear ús rinnend fan Nes nei Nijtsjerk en stiene Sus en ik foar beppe har keamerrút. Beppe tocht doe't se ús seach (foaral doe't se my seach: 14 jier, hiel meager en wyt, mei in doek om 'e holle) dat der in âld wyfke foar har stie. Dat sei se letter tsjin my.

No witte jimme hoe't wy der oan ta wiene. Goed, dat ús âlders foar dizze oplossing soargje koene en sa binne wy alle fjouwer yn alle gefallen libben troch de oarlochsjierrren kommen. Yn july 1945 hat deselde frachtrider ús wer yn 't Haachje werombrocht.

---

B.J. Postma:

## OM EIGEN NASJONALITEIT

*Dit stik wie al foar it grutste part skreaun foar de gearkomste fan de steatekommisje 'Boarger en Mienskip' fan 30 novimber 2005. Dy soe dy deis oer ús nasjonaliteit gear. Foar it earst soe der yn it Provinsjehûs oer praat wurde, safier't ik wit. Moai wis soene guon kommisjeleden, by âld en besteand swarrende en nij en takomst net fernearje kinnende, ferwar dwaan. It is fansels fan alle tiden, dat âld en nij net meiinoar strike. Yn de noaten by it neikommende steane wat foarbylden datoangeande út hannel, tsjerke, wittenskip en rjocht.*

Yn Spanje liket it libben bytiden wat makliker te libjen as te uzes, liket de oergong fan âld nei nij wat makliker te ferrinnen as hjirre. Katalunja is in nasjonale minderheid, al langer. Op 2 novim-

ber naam de Cortes yn Madrid mei 197 om 146 stimmen in nij statút foar de Katalanen oan. Dy krigen de status fan 'naasje' en har eigen nasjonaliteit. Zapatero, Balkenende syn kollega, wie fan betinken dat

Spanje der net swakker fan waard, dat it lân der, rjochtoarsom, sterker fan wurde soe, libbener en dynamysker. Steatsienheid bestie net by de graasje fan ienfoarmigens en politike sintralisaasje. (Ljouwerter fan 1 en 3 novimber)

Wy binne net minder as de Katalanen, foar gjin stoer, wy binne likegoed in nasjonale minderheid. (Rykswet fan 2 desimber 2004) Sadwaande hawwe wy ús eigen - Fryske, net Nederlânske - nasjonaliteit. Mear as fyftich jier lyn like in rjochter it dêr fierhinne mei iens te wêzen.<sup>1</sup> Wiis mei de Auwerk-plakplaatsjes - wêr komt dat ferr... wurd 'sticker' dochs wei? - hawwe wy thús de auto mei de FRL-nûmerbuorden opfersiere. Wy koene net op it 'nihil obstat' fan de haadkommissaris wachtsje.

De paus oan de Twiebakmerk woe fan ús nasjonaliteit nul en neat witte en FRL-platen woed er net op 'e auto hawwe, dy't oars synt net iens wie. Trije fan syn fiif kardinalen stimden him yn alles mei. Heal novimber waard de nije ensyklyk 'Ne varietur' wrâldnijs: gjin eigen nasjonaliteit; der koe

gjin sprake wêze fan in selsstannige Fryske nasjonaliteit, steatkundich net, noch steatsrjochtlik net. (Ljouwerter fan 18 novimber) Wy fielden ús as Brouwer oan it loket, as Galilei foar de paus yn Rome.<sup>1 2</sup> Hie uzes dan neat leare wollen fan de slach om Brouwer syn nasjonaliteit en fan de misslach fan syn kollega yn Rome? Yn it Ljouwerter Fatikaan mocht de hege klearus ús sûnder nasjonaliteit al amper sykheljen hearre, lit stean fan mei ús nasjonaliteit. Hy lei fuort it near op ús besykjen om wat lucht te krijen.

En no de steaten. Dy, op wat kontra's nei, hiene yndertiden sein, dat se de lânsnamme 'Fryslân' weromhawwe woene. Deputearre steaten moasten mar in briefke nei De Haach tastjoere: Kom op mei 'Fryslân'! Dêrjinsen moasten se earst de provinsjewet wat feroarje, doe koe it wol oangean. En de nijjiersmoarns fan 1997 wie it al sa fier.

De 30-ste fan novimber stie Friezene nasjonaliteit by de kommisje 'Boarger en Mienskip' op de wurklist. Der wie in brief fan d.s. ynkommen mei kommintaar

<sup>1</sup>Al wer mear as fyftich jier lyn stie Doekele Brouwer by de Ljouwerter Keamer fan Keappenskip foar it loket. Hy kaam mei in hânfol formulieren om him ynskriuwe te litten. Efter it loket wei wie it fan: "Nee, Brouwer, dat kin sa net, wa set no 'Fryske' efter 'Nationaliteit'? Dêr heart 'Nederlânske' te stean." Brouwer ferpofte it om it te feroarjen. By de rjochter sei er: "Foar God en minske bin ik as Fries skepen, grifformeard bin ik grutbrocht, as Fries libje en sykhelje ik." De rjochter, in wiis man: "Jo krije gelyk. Ik sil de Keamer sels efkes skelje." ('Lykberjochting en it Frysk', Berie-rapport nûmer 1, 1987)

<sup>2</sup>Galileo Galilei stie foar de paus. Hy hie útfigelearre, dat de ierde om de sinne draaide. Dat koe de paus him net yntinke, hy seach ommers alle dagen weroan, dat it oarsom wie. Hy hie alle dogma's en ensyklikens derop neilêzen en gjin útspraak lêzen as dy fan de man foar him. Syn kardinalen wiene dat yn 'e mearheid - trije fan de fiif - mei him iens. En syn stjerrewikkers koe er neat mei, se hiene gjin belang by Galilei's nijljochterij. Dat de paus sei tsjin him: "De ierde is al sûnt minskehûgenis it mulpunt fan it hielal en de hiele bringst - stjirren, sinne en moanne - draait om ús. Sa sit God's skepping no ienkear yninoar. As jo der nóch oars oer prakkesearje, geane jo in raar gat yn." Galilei joech belies. De moraal fan it ferhaal is, dat it besteande alle war docht om it nije te kearen.

---

op it 'Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden'. In kolleezemearheid wie fan betinken, dat út de tekst fan it ferdrach ús nasjonaliteit net op te meitsjen wie. It stânpunt waard net fierder útlein en taljochte. De mearheid berôp him - as stie er oan de Hollânske kant - op de 'Rykswet op it Nederlannerskip', dêr't yn regele wie, wa't de Nederlânske nasjonaliteit hiene. Klear! Ut! Amen!

De d.s.-mearheid like gjin aan fan minskene driuw en besieling te hawwen, hy lei der fuort mar it near op. Der ûntkaam him gjin wurd

fan besykjen om it Auwerkfolk te begripen en hope te jaan: "Wet is wet." Hy woe yn de fierste fierte net út op in rejalere wetjouwing dêr't ús nasjonaliteit yn passe soe. De d.s.-mearheid hie neat leard fan de wittenskip dy't fuort de swetten útleit, as er net mear foldocht.<sup>3</sup> Hy hie neat leard fan de rjochters dy't Samir A. wol de bak yndraaie wollen hiene, as se passende wetten ta har foldwaan hân hiene.<sup>4</sup>

*Bitgummole, 9 desimber 2005.*

*In lyts part fan it boppesteande haw ik yn de steatekommisje útsprutsen.*

---

Anne Jousma (1900-1981):

## OANTINKENS OAN FRISIA

*1919 - In jongfeint kaam út Grins wei yn it âlde doarp werom. Fjouwer jier op 'e Kweekskoalle yn de Pelsterstroade hiene him foarme fan grien doarp-sjonkje ta immen, dy't yn de grutte stêd rûkt hie oan wat literatuer is. Mariken fan Nimweghen - Parsifal - de Vos Reynaerde - Hadewych - Erasmus - Coornhert - Aldegonde - Vondel, gean mar troch, dêr hie er in skym fan sjoen en benammen de grutte Tachtigers hiene yndruk makke: Perk, Kloos, Verwey, Van Eeden... As der op literatuerles by Lancée foardroegen wurde moast, wie der by ien fan dy pommeranten wol in geskikt fers te finen. En yn it skoallekrantsje - in mei de*

---

<sup>3</sup>It sil yn de snuorje fan 1883 west hawwe, dat Piter Zeeman - de lettere Nobel-priiswinder - ôfret wurden wie om natuerkunde te studearjen. It fak wie 'ôf' en wat net útlein en ferklearre wurde koe, waard net ta de natuerkunde rekkene (!). It idee kaam doe op, dat de âlde, klassike natuerkunde allinnich de werklikheid binnen in beheind gebiet beskreau en dat in nije, algemienere, teory formulearre wurde moast, om de fysyske ferskynsels dêrbinnen en dêrbûten te beskriuwen. Doe't dat slagge, wiene guon wakker teloarsteld, se hiene de âlde natuerkunde hillich achte en der al in hiele natuerfilosofy op boud. (H.B.G. Casimir: 'Het toeval van de werkelijkheid. Een halve eeuw natuurkunde.' Meulenhof Informatief, Amsterdam 1983.)

<sup>4</sup>De measte besteande strafwetten binne makke yn de tiden dat nimmen noch fan Osama bin Laden, Abu Mussab al-Zarqawi en Samir A. heard hie. Foar alle misstappen en -setten bestiene bypassende straffen en de wetten foldiene goed. Mar de lêste tiden waret de moardsucht yn Hollân om en is de terreur gjin dei út it nijs. Foar de Hofstêdgroep fan Redouan al-I. en soksoarte fan saken like de âld-heechlearaar, âld-minister, âld-kommissaris ensfh. Van Kemenade it besteande strafrecht net botte gaadlik ta. Hy wiisde der op, dat Samir A. yn heger berop frijsprutsen wie, al mienden de rjochters, dat der fan alles mis wie mei Samir. (HP/De Tijd, yn de Ljouwerter fan 2 desimber.) Koartsein - yn dit gefal 'koartskreaun' -, dizze nije tiid ferget nije wetten.

---

*hân skreaun eksimplaar, dêr't er 'redakteur' fan wêze mocht - besocht er it sels; soms as tûlkerij, soms yn earnst. En dan alles yn it Hollânsk fansels. Want wy, Fryske jonges, mochten dan ûnder elkoar Frysk prate, alles wat skreaun waard, sels de brieven nei hûs, gie yn de taal fan de skoalle. En wat Age Scheffer en ik oan fersen skreaune en Gerrit Houwer oan proaza, it spriek fansels, dat dêr allinne de algemiene lânstaal oan te pas kaam.*

En doe - 1919 - kaam Jaep Hartmans op my ta en brocht my yn 'e kunde mei in nij tydskrift 'Frisia' en mei in nije feriening fan Friezen: de Jongfryske Mienskip. Eartiids as bern hie ik by pake-en-hars alle sneonen 'Sljucht en Rjucht' fûn en dêr wakker yn omsneupt; dat Frysk lêze koe ik skoan. En heit en mem hiene yntekene op 'Ald en Nij' fan Tsjibbe Gearts, dat doedestiids yn jeften útkaam. Dêr stiene gâns brike setten yn, dêr't men tige om gnize koe.

Mar no wie it wat nijs om te fer-nimmen, dat men yn it Frysk, jins eigen taal, ek op moderne wize skriuwe en dichtsje koe, lykas 'Frisia' sjen liet. Ik waard lid fan de Mienskip en besocht myn fersen tenei yn eigen taal te skriuwen. En Douwe Kalma, de grutte lieder, naam daliks guods op en puonde my wakker oan om troch te setten.

De jiergong 1920 neamt ûnder de meidoggers foar it earst myn namme en dat jier ferskynden gâns fersen yn it tydskrift. Benammen de rige 'It Lok', skreaun nei it simmerkamp op it Amelân, foel der by Kalma tige yn. Hy neamde dy fersen 'jins wijing ta it keunstnerskip'.

It jier 1920 brocht ik troch fier fan Fryslân midden op de Veluwske heide mei it hert fol langst nei Mien-

skip en Heitelân. Ik wie dan ek moai bliid, dat der mei yngong fan 1921 in beneaming loskaam te Aldtsjerk. Ek dêrwei binne gâns fersen nei 'Frisia' stjoerd, meast wol mar soms ek net opnaam, as hja nei Kalma syn oardiel net ripernôch wiene.

En doe gie yn 1922 it tydskrift oer fan de J.F.M. nei de Fryske Bibleteek. Der kaam in nije redaksje, fansels wol wer mei Kalma, mar dy helle Brolsma en my der by. It stiet my net sa klear mear foar, mar ik wol al leauwe, dat ik der tige mei fergulde wie: samar redakteur fan in liedend tydskrift yn Fryslân! Johannes Mulders soarge foar in nij omslach: in frommeske dwaande mei it rispjen fan ieren. Brolsma naam ferhalen foar syn rekken, Kalma benammen skôgings en Kalma en ik soargen foar de poezij. Mar it is al sa lang lyn! En ús ûnthâld is net altyd like betrouber. Mar ik leau net dat Brolsma en ik de grutste ynfloed op it belied hiene en my tinkt, dat ik in inkelde kear blike litten haw, dat my dat min noaske, dat de saken wolris in bytsje bûten ús om giene.

It is sa lang lyn! It sil grif yn dy snuorje west ha, dat Kalma op it fytske by my te Aldtsjerk kaam en de histoaryske wurden spriek: "Wat ha jim hjir te Aldtsjerk lekkere

tsiis. Dêr soe men in sonnet oer skriuwe kinne.”

Mar in skoftke letter kaam de krite Burgum fan de JFM yn tsjûk waar mei de grutte lieder. Hy hie trochset dat de grûnkêsten yn soasjalistyske sin wizige wurde soene en dêr frege ús krite in referendum oer oan. Resultaat: de hiele krite waard royearre; de wizigings fan de grûnkêsten giene troch en dat joech foar de Mienskip in foarse tebeksetter yn ledetal. Ik kin alles net krekt mear op in rychje sette, mar it kaam al sa, dat de nije jiergong 1923 fan 'Frisia', noch altyd mei dy kreaze ieren sykjende faam fan Mulders op it omslach, tenei útkaam ûnder ien redaksjelid: de lieder fan de Fryske Bibleteek, Douwe Kalma. De beide oare redaksjeleden bleaune mei tank foar harren wurk as meidoggers oan it tydskrift ferbûn.

Yn de nije jiergong 1923 steane noch gâns fersen fan myn hân. En dan reitsje ik it spoar bjuster. Want in jiergong 1924 befettet myn argyf net en fan 1925 fyn ik allinne de twa lêste jeften mei de meidieling, dat 'Frisia' belies jout.

Fan 1927 lykwols is alles wer

oanwêzich, mar ik haw der part noch diel mear oan hân: gjin fers, gjin skôging, neat. Myn ûnderfinings en ferbûnens mei 'Frisia' beheine har dus ta de jierren 1920-1923: koart mar heftich, lyk it bestean fan de JFM sels. Dochs hja hat de stjit jûn ta folle saken, dy't notiids yn Fryslân fansels sprekke, al is hja weromfallen ta in lyts, hast fergetten fermidden, dat noch jimmer it bern fan 'Frisia' as 'Lyts Frisia' op syn noed hat en dêr't ik it langer by úthâlden haw as by syn mem.

En de wurden, dy't Kalma ienris tsjin my sei, binne wol útkaam: "Yn de geast sille jo dochs altyd ien fan uzen bliuwe."

*Boppesteande stik fan har heit Anne Jousma stjoerde dochter Anneke, dy't noch altiten yn it âlderlike hûs oan de Parsifalstrjitte yn Den Haach wennet, ús ta. It hat yn 1981 - it jier fan it fersterren fan Anne Jousma - yn 'It Beaken' stien. Om't der in aardich stikje skiednis fan de Jongfryske Mienskip yn stiet, fûnen wy it de muoite wurdich om it artikel yn 'Lyts Frisia', it tydskrift dat Jousma oant syn dea lies, op te nimmen.*

☆ Nei de debútrroman 'De lêste halte' fan Simen Oetie (Simen de Jong) yn septimber hat de KFFB yn febrewaris opnij in boek fan in debutearjend romanskriuwer útbrocht. It is de roman 'Brekpunt' fan de yn Marrum wenjende Rommert Tjeerdsma. Oant no ta publisearre er ferhalen en fersen yn 'De Fleanende Krie' en stie regelmjittich in ferhaal fan him yn it 'Friesch Dagblad'.

☆ Yn eigen behear brocht Pieter Breuker in bondel mei literêre teksten út mei as titel 'Boarterskertier'. Breuker is dosint Frysk oan de universiteit fan Grins en bekend fan syn skriuwen oer de skiednis fan it keatsen. Yn de nije bondel steane fjouwer fersen en fjouwer ferhalen.

☆ Utjouwerij Venus brocht yn desimber in literêrhistoaryske útjefte fan Trinus Riemersma op 'e merk. De titel is 'Op 'e barrikaden en der by del'. It is in samling fan troch Riemersma skreaune krityske en polemyske artikels út de jierren 1965-1970.

☆ Tsead Bruinja fan Grins is in produktyf Frysk dichter, dêr't yn in pear jier tiid trije fersbondels fan ferskynden. Yn desimber brocht útjouwerij Bornmeer de fjirde bondel út mei as titel 'Gers dat alfêst laket'.

☆ Twa kear waard yn in gearwurkingsprojekt fan trije Fryske tjouwers in rige Fryske Klassiken tbrocht. Dy útjouwers binne De Afûk/Utjouwerij Fryslân, de Friese Pers Boekerij en de Koperative Utjouwerij. De trije útjouwers sette no mei in nije rige útein: de Fryske Modernen. Yn febrewaris is it earste boek ferskynd by de Friese Pers Boekerij. It is de roman 'Prospero' fan de yn Noardburgum wenjende Nyk de Vries. ☆ Yn de Vita-rige fan útjouwerij Bornmeer ferskynde yn

febrewaris in troch Eppie Dam skreaun boek oer Abe Lenstra. De titel is 'Abe, in byld fan in spiler'.



---

☆ De Friese Pers Boekerij hat de Merkel-rige opnij útwreide mei trije dieltsjes. It is in rige fan earder ferskynde súksesfolle boeken, dy't no yn in goedkeape pocket-útfiering op 'e merk brocht wurde. Dy trije nije pockets binne: de misdiedroman 'Ten foar de wraak' fan Joop Boomsma, de ferhalebondel 'Fryslân boppe' fan Anne Koopmans en 'De Ljedder', it ferrassende romandebút fan Koos Tiemersma. Hy krige der yn 2004 de earste Rink van der Velde-priis foar.

☆ De Koperative Utjowerij (Q) brocht yn desimber 'Sate Humalda' fan Reinder Brolsma (1882-1953) opnij út. De roman ferskynde foar it earst yn 1934. Doeke Sijens fan Grins besoarge de útjefte en skreau de ynliding. By deselde útjouwer ferskynde ek de al earder oankundige roman 'De brek' fan Gerben Abma.

---

B.J. Postma:

#### LEZERSBRIEVEN

*Fan in ynstjoerd stik moat mar ôfwachte wurde oft it opnommen wurdt. De redaksje stelt der hege easken oan. In lêzersbrief moat fansels binnen de parlemintêre perklinen bliuwe, de redaksje moat net fernimme dat it net alhiel wier is, de ynhâld mei gjin al te âld nijs wêze en it tal wurden net te grut. De Ljouwerter kriget in 2200 ynstjoerde stikjes yn 't jier dêr't sa'n 1100 fan oerbliuwe. Ornaris kriget de skriuwer berjocht, as har/syn pinnefrucht yn de kladdekoer lein is.*<sup>5 6</sup>

*Yn 'e gewoane regel komt in stikje ek werom as de krantlêzers der gjin niget oan hawwe soene. Dêr makke immen beswier tsjin: "Dat kinne jo nei myn betinken net witte."<sup>7</sup> De kranteman gie der net op yn. Yndertiden wie it net sa'n toer om jins namme yn de krante te krijen, mar fan myn lêste fjouwer brieven binne twa ôfkard. Yn mar ien fan dy beide gefallen skreau Willems - de man dy't der oer giet - werom 'wêrom' en dêr kin men dan mar better net op yngean. De kranteromte is beheind, dat is fansels. Lykwols is de iene krante de oare net. Yn it nije AD krije de lêzers mear romte foar har miening en kommintaar.<sup>8</sup> It wol by my net wei, dat de brieveskriuwers mei minder romte yn de Siksmastrijtte ta moatte as dat it west hat. Yn alle gefallen binne, trochinoar rekkene, de stikjes koarter as earder: ien fan 250 wurden is al oan de lange kant.*

*Der is wat oars dat my net sinniget. Bytiden is in lêzersbriefke yn de krante in*

---

<sup>5</sup>R. Mulder, Een vrijplaats voor de lezers, Lj. Kr. 18-6-2005 side 9;

<sup>6</sup>H. Willems, Brief terug, Lj. Kr. 13-8-2005 side 6;

<sup>7</sup>W.v.d. Bij, Ingezonden, Lj. Kr. 30-8-2005 side 7;

<sup>8</sup>Een consumentenkrant met 'ach gossie-berichten', Lj. Kr. 31-8-2005 side 3;

---

oarenien as it ferstjoerde. Inkeldris komt dat del op in ferbettering - in kranteman is op 't lêst in fakman -, mar meastal is it in saak fan 'al oars, mar net better'. Sa hie 'k in kear skreaun fan "elk wat fan de stokfiskfellen." Dy wurden waarden skrast. Foar it neist koe Willems, dy't hjir net wei komt, de útdrukking net en tocht er, dat de ientaligen der likegoed mei oan wêze soene. Lykwols hat Van Dale deselde útdrukking: "ieder wat van de stokvisvellen", (omdiele, jins oanpart opeaskje). Sadwaande hiene Hollanners likegoed achte wurde mocht, de wurden te begripen. Koartby hie 'k ris skreaun fan "yn it fean komt it op in turf net oan." <sup>9</sup> Willems moat it wurd 'fean' - en dan mei 'It' der foar - oars net as de plaknamme 'It Fean' kennen hawwe. Dat hy makke fan myn sin: "yn It Fean komt it op in turf net oan." En dat wie nochris mis, want Feansters hawwe it oer 'op It Fean' ynstee fan 'yn It Fean'. En jitrís wie Willems mei ús taal oan. Myn "de folksfertsjintwurdiging krige mear as syn sin" kaam as "de folksfertsjintwurdiging krige mear as har sin" yn de krante. No mei it wurd 'volksvertegenwoordiging' froulik wêze, ús folksfertsjintwurdiging is manlik.

Mannen as Noordmans, Speerstra en De Groot soene Willems syn flaters net makke hawwe. Dat him de side 'Opiny en Eftergrûn' tabetroud waard, wie in min ding foar ús taal. It tsjûge yn gjin gefal fan achtginge foar it ferskaat fan talen yn ús lân. Kêst II-82 fan de Jeropeeske grûnwet hie better formulearre wurde kinnen as "De Uny-minus-de-Ljouwerter hat achtginge foar it ferskaat oan kultueren, godstsjinsten en talen."

En it Deiblêd? It is likemin frij fan sûnden. Yn de Voltastrjitte sitte se krap yn it folk, dat it giet dêre alle dagen op 'en skreppen en skuorren. De frou/man dy't oer de ynstjoerde brieven giet, kin it wurk net neikomme, en dêrom slacht hja/er by it oerskriuwen fan de tekst wolris in hiele rigel fan myn masineskrift oer, dat skeelt teminsten wer sâfolle.

Yn myn 'Taalpolityk' <sup>10</sup> hie stean moatten: "Mar guon oare wolle der foarwei, se soene te min selsbetrouwen hawwe om yn ús taal te praten en te sprekken. Sokken binne en bliuwe frjemden neffens de heechlearde dr. Runia lêsten yn de Sneinspetiele." <sup>11</sup> It Deiblêd sloech de wurden "taal te praten en te sprekken. Sokke binne en bliuwe hjir frjemden" finaal oer. (Foar alle dúdlikens: mei 'guon oare' waarden boargemasters bedoeld.) Itselde kaam my oer yn de ynstjoerde stikjes 'Wêr liket dat op!' <sup>12</sup> en yn 'Kontra Contrapunt'. <sup>13</sup> Trije stikjes, foar in part net te lêzen, mar nimmen liket der oer stroffele te wêzen. Frysk Fryslân lêst langer wat minder, freegje it de kranten mar, freegje it de bibleteken mar. Frysk Fryslân sit hiele jûnen foar de televyzje: Talpa for-ever!

---

<sup>9</sup>Boargerjierferslach, Lj. Kr. 21-7-2005 side 19;

<sup>10</sup>Taalpolityk, Fr. Db. 3-1-2005 side 14;

<sup>11</sup>Sneinspetiele 27-11-2004 side 11;

<sup>12</sup>Wêr liket dat op!, Fr. Db, 3-11-2004 side 6;

<sup>13</sup>Kontra Contrapunt, Fr. Db. 27-8-2004 side 6.

Yn 'Lêzersbrieven' haw ik de kranteman Willems oantwreaun, dat er net fan myn stikjes ôfbliuwe koe.<sup>14</sup> Yn it neikommende is fan nijs sprake fan wat argewaasje.

De 30-ste fan novimber gie it yn de steatekommisje 'Boarger en Mienskip' oer Friezene nasjonaliteit. Yn 'Om eigen nasjonaliteit' is der al oer skreaun.<sup>15</sup> Dy steatekommisje en dat ûnderwerp wiene ek de oanlieding ta in ynstjoerd stikje 'Eigen nasjonaliteit' yn de Ljouwerter. It bestie út trije ûnderdielen: a. de rjochtsaak Brouwer kontra Keamer fan Keappenskip, b. de Katalanen mei har offisjele status fan naasje, c. it kolleezje fan deputearre steaten en syn tsjinnichheid yn it ûnderwerp.

Om't it langer ferhipte nau harket en in stik fan in 225 wurden al de lange kant neist is, hie ik myn lêzersbrief beheind ta 192 wurden. Dat de sinnen wiene sa koart mooglik hâlden en alle franje wie skrast. In lêzer mei 4 jier legere skoalle soe der faaks wol oan hân hawwe, mar in trochsneed lêzer-mei-in-wurdboek dy't op begripen út wie en noch wolris in sin twaris lêze woe, soe der wol by kinnen hawwe.

Der kaam lykwols berjocht fan Willems, de kranteman fan de ynstjoerde stikjes. It lêste part (c) wie "dreech te begripen" en ik moast it "op 'e nij, mar dan wat helderder op skrift sette". No mocht Willems net fan my fergje, dat ik mei 192 wurden of minder itselde skriuwe koe op it nivo fan immen mei 4 klassen legere skoalle. Sadwaande tocht ik, ik krij foar in helderdere tekst wat mear wurden as de boppeneamde 225. Mar de ferstjoerde 264 wurden wiene de kranteman fierste folle. Hy skraste der mear as de helte fan, hy skraste de saak Brouwer-Keamer fan Keappenskip en hy skraste de Katalaanske naasje. Der bleaune 127 wurden oer.<sup>16 17</sup>

Yn de nije krantetekst wie stean bleaun de sin "Yn de steatskommisje fan 30 novimber liket it derop, dat deputearre steaten gjin weet hiene fan de rjochlike útspraak hjirboppe." Los fan de beide flaters '-steatskommisje' ynstee fan 'steatekommisje' en 'liket' foar 'like' yn it plak - dy't Willems dêrby makke hie, moat it my fan de lever, dat de sin sloech op de saak Brouwer-Keamer fan Keappenskip dy't de kranteman skrast hie. Syn sleauwens wie fan dy gefolgen, dat de lêzers der gjin wiis mear út wurde koene. Dy sille wol tocht hawwe, dat it wêzen der by de skriuwer útrekke wie. Willems mei in grut kranteman wêze, syn omgean mei brieveskriuwers kin gjin besjen lije.

<sup>14</sup>Lyts Frisia LV (2006), side 9

<sup>15</sup>Lyts Frisia LV (2006), side 3

<sup>16</sup>Ljouwerter krante, 15 desimber 2005, side 9.

<sup>17</sup>It moat yn it lêst fan de tachtiger jierren west hawwe, dat J.M. Maris, de âld-boargemaster fan Driezum, en ik yn itselde Afûk-bestjoer sieten. Yn dy tiid ferhelle er fan in, op oarmans fersyk yn te stjoeren, stik dat net langer as 200 wurden wêze mocht. Hy hie it besocht, mar dy 200 wurden wiene te min. Hy hie it net foarinoar krige.

---

*Der is noch ien en oar. De krante soe fan it begjin fan 1989 ôf ús eigen, offisjele, doarpsnammen oanhâlde. It soe út wêze mei jin fernederjende nammen lykas Molenend en Oldeboorn. En it like út te wêzen.* <sup>18</sup> *Mar Willems liet 'Tietjerk' en 'Noordbergum' moai stean.* <sup>19</sup>

*Willems reaget raar yn ús taal om. Ik freegje my yn alle earnst ôf, oft alle Fryskskriuwers slachtoffer binne fan de kras- en skrasgoarre oan de Ljouwerter Siksmastrjitte, oft ús eigen doarpsnammen stiltsjeswei en suver ûngemurken de krante útdreaun wurde en oft Rimmer-en-dy de demokratysk fêst te stellen, eigentalige, wetternammen wol oernimme sille.* <sup>20</sup>

*Bitgummole, 20 desimber 2005*

---

<sup>18</sup>Yndertiden wenne yn Hardegarijp in Jehannes Lieuwe Staal. Hy hie in glûpende hekel oan de FNP en tsjûge dêr yn withoefolle lêzersbrieven mei spot en hún fan. Mar yn 1989 hold er der ynienen mei op. De hiting wie doe, dat de man gjin 'Hurdegaryp' ûnder syn stikjes hawwe woe te stean en de krantedaksje gjin 'Hardegarijp' mear. Op 6 jannewaris 1992 koe de FNP wer sykhelje, dy deis rekke de Friezefretter wei.

<sup>19</sup>Ljouwerter krante, 2 novimber 2005, side 7 en 21 novimber 2005, side 4.

<sup>20</sup>Lyts Frisia LIV (2005) side 43. Fan myn skriuwen oan de haadredakteur Mulder is de lêste alinea mar foar de helte oernommen - in fersin, fansels. Dy hiele alinea wie: "Jo krante hat him yndertiden fuort oanpast by de omneaming Hollânsk-Frysk fan de doarpen fan Ferwerderadiel, Tytsjerksteradiel, Boarnsterhim en Littenseradiel. Dat wiist mar goed. Mar Fryslân mocht gjin 'Fryslân' wurde, en dat wiist al oars mar net better. Sadwaande is de frage in bange frage: hoe komt it mei ús 'Berltsumer Feart', 'Burgumer Mar' en 'Wide Ie', en sa? Jo krante jout ien Provinsjehûs, 25 gemeentehuzen en ien Bitgummoolster datoangeande nochal wat hâlden en kearen." De frage wie Mulder gjin antwurd wurdich, wol ik leauwe. Ik haw teminsten nea antwurd fan him krigen.

---

## NEI FYFTICH JIER: IT FRYSK MANIFEST

*Op 3 novimber waard oan Klaas Bruinsma foar de twadde kear de Dr. Obe Postmapriis útrikt foar syn oersetwurk fan wrâldliteratuer. Nei de útrikking spruts Bruinsma net allinne wurden fan tank. Syn taspraak, dy't wy ynstjoerd krigen troch Johannes Oegema fan Sutfen, bestie foar fierwei it grutste part út it uterjen fan syn ûngerêstens oer de kwaliteit fan it Frysk. Dat wichtige part fan syn taspraak nimme wy hjir op.*

*K. Bruinsma*

Dit wurdt gjin feestrede, mar in weeklacht; gjin lofsang, earder in needrop of in striidrop. En wêrom? Omdat ik slim yn noed sit oer de kwaliteit fan it Frysk of better sein it gebrek oan kwaliteit. Jim witte dat it tal Fryskpraters yn de jierren nei 1945 hurd tebekrûn is. Hjoeddedei praat amper de helte fan de ynwenners fan Fryslân noch Frysk. It ûnderwiis en de media ha dy delgong net keare kinnen. It Frysk, dat jo op strjitte hearre, is benammen by bern en jongerein sa min, sa striemin, dat it amper noch Frysk neamd wurde kin. En is it by Omrop Fryslân better? Wie dat mar wier. De omroppers kenne de geslachten net iens: hja prate fan it oere, wylst it de oere wêze moat. En dat de oer it fjirdepart fan in jaar is, sil by de dames en hearen amper bekend wêze.

Jim witte hoe min it Frysk ûnderwiis der foar stiet. Fiifentweintich jier nei de wetlike ferplichting fan Frysk ûnderrjocht sitte

wy slim yn de nederklits. De santjin persint fan de skoallen, dy't alhiel gjin Frysk jouwe, de ferlegging fan de doelstellings ensafuorhinne. De kwaliteit fan it Frysk op skoalle is, nettsjinsteande poerbêste boeken en oare learmiddels sa min, dat ik wol konkludearje doar, dat it Frysk ûnderwiis op 'e non rûn is en omtrint ta weismiten keard. Hoe stiet it by de Fryske skriuwers, wat de taal oangiet? It tal nije skriuwers liket net sa min. Op 'e boekemerk yn Drachten bestie de helte út nammen fan nije skriuwers. In hoopfol teken. De fraach is: hokker Frysk skriuwe hja?

By in tal skriuwers en skriuwsters haw ik konstataarre, dat hja har net folle bekroadzje om de rike wurdskat en it geve Frysk fan ús taal. Der binne guont, dy't it Frysk fan de strjitte as mjitstêf nimme. Hja wolle graach lêzen wurde. De lêzer moat him foaral net ynspanne. Men stiet al gau klear mei etiketten, lykas âldfrinzich en ûnbegryplik. De frachten flaters, dy't yn guon

boeken sitte, meitsje my of likk of mismoedich. Hoe stiet it by de Fryske Beweging? Sit der noch beweging yn de Beweging? Ha de grize koppen de moed ferlern en kinne hja inkeld noch stinne oer ynterne reorganisaasje en sok neargeastich gepiel? Wat docht men nei bûten út?

Doe't de Amerikaanske Fries Bernard Fridsma ferstoar, hat it haadbestjoer fan it Kristlik Frysk Selskip in advertinsje yn it Deiblêd set. Dêr sieten trije flaters yn. Der stie, dat Fridsma yn Kanada ferstoarn wie, wylst de man omtrint syn hiele libben yn Grand Rapids, Michigan, Noard-Amearika wenne. Blykber wit men dat nei 100 jier Fridsma noch net. Dat men de man, dy't syn libben yn tsjinst steld hat fan it Frysk en de Fryske literatuer, in fries neamde mei in lytse f, sjoch soks fyn ik leechachtsjend en skande foar de man, dy't 85 jier lid west hat it Kristlik Frysk Selskip. Noch in foarbyld fan de sleauwens en lethargy yn de Beweging sûnder beweging. It tydskrift 'Time' hie syn coverstory fan 29 augustus wijd oan de minderheden yn Europa. Dêryn wurde wy Westfriezen alhiel oer de kop sjoen. Frjemd genôch wurde 10.000 Noardfrysk praters wol neamd, mar de mear as 300.000 Westfrysk praters net. De iennichste reaksje op dit fersom kaam fan Pieter de Groot, redakteur fan de Ljouwerter Krante yn in artikel op freed 9 septimber.

Gjin inkelde reaksje fan hokker Bewegingsorgaan ek, sels net fan it

Buro fan Minderheidstalen yn Europa (Fryske Akademy). No 't de Beweging de kâns hie Fryslân op de kaart te setten, ha wy swijd. Wy ha ús net oppenearre. Is it faaks tekenjend, dat de Ried fan de Fryske Beweging residensje hat op it Keetwâltsje? Nee, net laitsje, want it is om te skriemen. Is de Beweging in gevel wurden fan in leech hûs?

Dat is de oarsaak fan al dy benypte griemerij. Ik mien, dat pas-toar (=hoeder!) Jan Romkes van der Wal de spiker op de kop slein hat, doe't er op de Warnsbetinking sei: "De Friezen moatte mear grutsk wêze op wat hja binne, hawwe en kinne. Dêr ûntbrekt it oan." No net mis ferstean: wy ha gjin ferlet fan heechmoed, fan in dom en benearjend nasjonalisme, dat gefaarlike kanten hat. Dêr't wy slim ferlet fan hawwe, is in poarsje selsrespekt, dat wol sizze: respekt foar ús taal, literatuer en kultuer. Gjin domme eigenwaan, mar terjochte wurdearring. In Frânsk sprekward seit: "Dy't himsels ta skiep makket, wurdt troch de wolf opfretten." Leau mar dat der in soad wolven binne en de wolf yn it skieppeflues is it gefaarlikst. Dat is gjin fabeltsje. It ûntbrekt ús oan selsrespekt, as wy ús taal net goed brûke. Skriuwers soene dat foaral beseffe en praktisearje moatte. Jo kinne my in taalpurist neame, ik sil it in earenamme fine. In Frysk skriuwer is per definysje in Frysk strider, omdat er yn it Frysk skriuwt.

It mankearret ús oan selsrespekt as wy de Fryske striid opjouwe en

---

belies jouwe foar de macht fan de media en ûntfryskjende faktoaren. As ús taal in jefte is, in kostber guod, dat bewarre bliuwe moat, sil it ek fersoarge wurde moatte. Oan de Fryske skriuwers yn 't bysûnder de taak de talinten goed te brûken, want dizze jefte is in opjefte. Ik mien dat ik dit hjir en hjoed sizze moat. Sels hoopje ik yn it harnas te stjerren. Ik haw de hoop, dat ik de eare rêde sil, al haw ik gauris it gefoel te striden foar in ferlerne saak. Al myn wurk fan

de oersettings is net bedoeld foar myn eigen eare, lit stean foar jildlik gewin, mar om it mooglik te meitsjen, dat de Friezen dy't dat wolle, de wrâldliteratuer yn har memmetaal lêze kinne. Ik hoopje mar, dat der in fonkje by jim oerspringt, dat in fjoer oansette kin.

Dêrom in oprop, in appel: wês wach en warber, hâld de kop der foar! Mei hantsjeklappen foar priiswinners binne wy noch net, wêr't wy wêze moatte: In Frysker Fryslân.

---

---

Klaas Bruinsma.  
Fryske enklave Lintelostrijtte 23 Sutfen.  
(foto Johannes Oegema)

In freonlik fersyk oan ús leden en lêzers om it lidmaatskipsjild (7,50 euro) of it lêzersjild (5 euro) foar it jier 2006 oer te meitsjen op giro 1069535 op namme fan SKATHALDER FAN DE JONGFRYSKE MIENSKIP, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum.

'Lyts Frisia' komt fjouwer kear yn it jier út. It twadde nûmer ferskynt yn juny. Foar dat nûmer moat de kopij foar 15 april binnen wêze. In stikje fan

ús leden en lêzers stelle wy tige op priis. Wy stribje nei in grutter ferskaat oan skriuwers. Wy tinke benammen oan bydragen op it mêd fan taalkunde, literatuer, skiednis, Frysk ûnderwiis en Fryske striid. Foar it septimbernûmer moatte de bydragen foar 15 july binnen wêze en foar it desimbernûmer foar 15 oktober. Kopij opstjoere nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. Foar ynformaasje: tel. 0511-463869.

Jan Jongsma:

### **ALDSTE JFM-LEDEN FERSTOARN**

*De ôfrûne moannen ferlear de Jongfryske Mienskip twa leden troch ferstjerren. It wiene s beide âldste leden: Pyt Zwart-Ratsma (105) út Ljouwert en Bearend Joukes Fridsma (100) út Grand Rapids yn de Amerikaanske steat Michigan. Beide hawwe jierren en jierren lid west fan de Jong Fryske Mienskip. Beide hiene se in waarm hert foar Fryslân en it Frysk.*

#### **Pyt Zwart-Ratsma (1900-2005)**

Op 26 augustus ferstoar Pyt Zwart-Ratsma en kaam der in ein oan in lang libben fan mar leafst 105 jier. Se waard op 28 maaie 1900 yn Grou berne. Se troude mei de yn

Fryske rûnten tige bekende Wouter Th. Zwart, dy't yn 1891 yn Wergea berne waard. De pleats waard har takomst, want Wouter Zwart wie boer. Gjin gewoane boer, mar in



'fergader'-boer. Hy wie tige warber yn Fryske organisaasjes. Sa lei er yn 1919 de grûnslach foar de Lânboujongerein, dêr't er fan it oprjochtingsjier ôf oant 1942 foarsitter fan wie. Ek wie er foarsitter fan de Jongfryske Mienskip en de Fryske Bibleteek. Op 31 augustus 1983 kaam er te ferstjerren.

Pyt Zwart-Ratsma bleau nei it ferstjerren fan har man trou lid fan de Jongfryske Mienskip. Se wie lid oant har dea op 26 augustus. De lêste jierren wenne se yn soarchsinttrum Abbingahiem yn Ljouwert. Op 31 augustus waard frou Zwart betocht yn it krematorium yn Goutum.

### Bearend Joukes Fridsma (1905-2005)

Op 12 oktober ferstoar yn Grand Rapids prof. dr. Bearend Joukes Fridsma. Hy waard op 15 jannewaris 100 jier en by gelegenheid dêrfan waard in freoneboek, in 'liber amicorum', útbrocht mei as titel 'As de kimen gloarje'. Yn ferbân mei syn hûndertste jierdei haw ik wiidweidich oer him skreaun yn it desimber-nûmer fan ferline jier en ek noch yn it maartnûmer fan dit jier.

Bearend Joukes Fridsma waard op 15 jannewaris 1905 berne yn Skearnegoutum. Yn 1911, Bearend Joukes wie doe seis jier, emigrearre de húshâlding nei Amearika. Yn dat lân fan dream en winsken waard er - hy wie yntusken professor oan it ferneamde Calvin College yn Grand Rapids - in fûleindich Frysk strider om utens, dy't de Friezen hjir faak in spegel foar hâlde.

Yn 1976, it jier dat Amearika 200 jier bestie, reizge hy op fersyk fan de ek fan Grand Rapids ôfkomstige president Gerald Ford nei it Wite Hûs yn Washington om

by gelegenheid fan de feestlikheden de Friezen te fertsjintwurdigjen. Hy hat in ôfgrysliek soad skreaun oer Fryslân en it Frysk yn it troch him en Lolle Piers de Boer oprjochte 'Frisian News Items', dat bestien hat fan 1944 oant 1980.

Hy joech kursussen Frysk op Calvin College, waard foarsitter fan it Kristlik Frysk Selskip 'Gysbert Japiks' yn Grand Rapids en naam it inisjatyf foar Fryske tsjerketsjinsten. Foar de earste Fryske tsjinst frege er yn maaie 1957 de doe krekt ôfstudearre kandidaat Lieuwe Meiles Tamminga om foar te gean. In tradysje wie berne: alle jierren yn maaie in Fryske tsjerketsjinst yn Grand Rapids. Bearend Joukes Fridsma ûntbruts nea by dy tsjinsten. Yn maaie fan dit jier makke er de 49ste tsjinst mei en in pear dagen letter besocht ik him yn syn wente oan Sylvan Avenue. Doe fertelde hy my dat oan dy tradysje fan Fryske tsjinsten yn 2006 in ein komt. Op 21 maaie wurdt de lêste en fyftichste tsjinst hâlden en de foargonger is deselde as tidens de earste

---

tsjinst: de yn 1930 yn Wjelsryp berne Lieuwe Meiles Tamminga.

Yn 1946 waard Fridsma heechlearaar Dútsk op Calvin College en dêr bleau er oant 1970, it jier fan syn pensjoen. Yn oktober 1992 krige er in swiere slach te ferwurkjen. Doe ferstoar syn frou Dorothy. Mar fersein wie er net: hy gong troch mei syn striid foar it Frysk. Ek al wenne er 94 jier yn Amearika, syn hert lei yn syn heitelân en by syn memmetaal.

"Ik hoopje dat ik takom jier dy lêste Fryske tsjinst noch meimeitsje mei," sei er yn maaie tsjin my. Syn winsk sil net útkomme, want hy kaam op woansdei 12 oktober te ferstjerren. Op snein 16 oktober waard yn syn tsjerke, de Fuller Avenue Christian Reformed Church, de routsjinst hâlden. Der

wiene trije foargongers: syn eardere wykdûmny Archie van der Hart, de yn Hegebeintum berne dûmny Wiebe Douwe Buursma en dûmny Lieuwe Meiles Tamminga. Syn freon en eardere kollega professor Hindrik Baron - fkomstich fan de Grinzer Pein - stie stil by it libben fan Fridsma.

It Frysk ûntbruts net yn de tsjinst, dat wie syn winsk. Sa waarden der troch Fridsma makke Fryske oersettings fan lieten út it 'Psalter Hymnal' songen. Nei de tsjinst waard er begroeven op it 'Woodlawn Cemetery' yn syn wenplak. Mei him is in ûnferjitlike Amerikaanske Fries hinnegien, dy't sûnt 1920 lid wie fan de Jongfryske Mienskip en in trou lêzer fan 'Lyts Frisia'.

**I**t Nederlânske steatsnasjonalisme hat yn de 19e en de earste helte fan de 20e ieu de beskiedende ideology west foar it ûnderwiis yn de 'Vaderlandse Geschiedenis', benammen op de legere skoalle. De kultureel sa ferskate ynwenners fan de nije ienheidssteat moasten der fan oertsjûge wurde dat se ien folk wiene: ien lân, ien folk, ien taal.

Dêroan waard de kar út de histoaryske feiten, harren nammejouwing en presintaasje oanpast, sa dat it like as hie fan it begjin ôf binnen de grinzen fan dy steat in proses oan de gong west, rjochte op de úteinlike stifting fan de Nederlânske steat, ynstee fan dat dy steat it produkt wie fan histoarysk tafal. De fertekening fan de skiedkundige wierheid stiet bekend as 'finalisme'. Ferswijd waard bygelyks dat de greven fan Hollân har de earste twa ieuwen 'greve fan West-Fryslân' neamden; dêrfoaroer waard suggerearre dat Fryslân yn de wachtkeamer fan de histoarje sitten hat te heukerjen oant it by Hollân oanslute mocht.

Nei de lêste wrâldoarloch kaam nasjonalisme op in minne namme te lizzen en yn it sok dêrfan kaam ek krytyk op it finalisme yn de skiedskriuwing. De kearside dêrfan is lykwols dat it hiele skiednisûnderwiis linkendewei fierhinne ôfbrutsen waard. Wat de jongerein hjoeddedei fan it ferline wit, kin amper mear histoaryske kennis neamd wurde.

Dat lêste wie blykber net as in beswier field salang't de 'multiculturele samenleving' as ideaal sjoen waard. Mar sûnt dy stimming

omslein is yn eangst foar bedriigjende ghettofoarming, wurdt fan nij-ynkommelingen 'ynteagraasje' easke en dan is de fraach: ynteagraasje wêryn? Wat is dy Nederlânske kultuer dan? En dêrby docht him ûnûntkomber wer de fraach foar nei in ûndersteld mien-skiplik ferline fan de 'autochthonen'. De 'Vaderlandse Geschiedenis' moat wer leard wurde; op syn allerminst in stealtsje wêzentlike feiten en nammen: de saneamde 'Canon'.

Hawar, koartlyn is al in 'Commissie Ontwikkeling Nederlandse Canon' ynsteld, dêr't professor F. van Oostrom, president fan de KNAW, ta foarsitter fan beneamd is, mei in taakopdracht fan de minister fan OCW. 1 septimber 2006 moat it klear wêze.

Dat nije omtinken foar it skiednisûnderwiis is prachtich, mar it betsjut útsoarte in stap tebek nei it âlde finalisme. Fan de KNAW is dêr gjin rem op te ferwachtsjen at wy ús yn it sin bringe hoe't de dillegaasje fan it Fryske Akademy-personiel dy't earder dit jier by de KNAW op besite wie, dêr staat is op in geast fan 19e-ieusk Nederlânsk steatsnasjonalisme. Foar in eigen Frysk histoariografysk en

---

taalkundich paradigma sil yn de canon gjin plak wêze. Wannear't it wurket, sil de Fryske bern op 'en nij bybrocht wurde dat de Bataven harren foarâlden wiene.

Dêrfoaroer kin ek Fryslân fan dizze ûntjouwing profitearje, nammentlik wannear't wy in eigen Fryske canon opstelle en ynfiere.

Dy moat net letter klear wêze as de Nederlânske; de tiid driuwt. Minder as twa jier lyn hie it himsels sein dat soks in taak foar de Fryske Akademy wie, mar no't de KNAW ynfloed krige hat op it belied fan de FA, is dat net mear sa wis. Faaks kin de FFU of de Bewegingsried in inisjatyf nimme.

---

*B.J. Postma:*

## *FRUCHT FAN 97 JIER K.F.S.*

**P. Dykstra.** Yn de Boksumer tsjerke frege de eigen dûmny Terlouw syn Berltsumer kollega Dykstra ris, om in snein foar him yn it plak te preekjen. Dat it in Fryske tsjinst wurde soe, sei er der by fersin net by. Dat Dykstra kaam mei in Hollânske tekst yn 'e foartsjerke, dêr't ien fan in pear âlderlingen him bliid wolkom hjitte en opmurk, dat in eigentalige preek der wol ynfalle soe. "Oer de taal is my neat sein, mar it kin om my wol yn it Frysk, ek al haw ik de tekst fan de preek yn it Hollânsk opskreaun." De oare âlderling, der net sa happich op, besocht it ûnheil te kearen: "As it jo better útkomt, dan is Nederlânsk ús, as it derop oan komt, likegoed hear..." Dykstra feroare lykwols net nochris fan taal: "Moarn gemeente," sa begûn er.

**J. Miedema.** Yn in gearkomste fan in heech tsjerklik fermidden kaam de âlderling R. neist dûmny te sitten. Suver fansels kaam de taal te praat. Miedema achte it ûnfatsoenlik om syn folk yn it Frysk te bepreekjen as der in Hollanner yn tsjerke siet. R.: "Soks is ek ûnfatsoenlik. As ik ris yn Denemarken bin en dêr tsjerkje, is it in ûnfatsoenlike foargonger, dy't dan noch yn it Deensk preket ynstee fan yn it Frysk." Dûmny, oars de beroerdste net, seach wakkere soer.

**Frou E. Postmus.** Deselde âlderling R. noege de Dokkumer preekster ris ta de foargong. De snein dêr't it om te rêden wie, paste har wol en se skreau dy fuort mar yn it bûsboekje. R. slokte earst in pear kear, eardat er har der op wiisde, dat de tsjerkerie in Hollânske prekaasje hearre woe. "No, dan giet it mar oer, dan skras ik dy snein mar wer. Ik bin wend om myn eigen taal mei te nimmen." Mar nei wat hinne-en-wer praten akkoarte R. mei it Dokkumer betingst.

---

**B. Smilde.** De man fan de preeklist hie Smilde frege foar de preek fan snein 31 july 2005 yn de Ingelumer tsjerke. It wie it âlde en bewende praat. "De tsjerkerie hie tocht, it moast mar in Hollânske prekaasje wurde." "Mei it oars ek wol in Fryskien wurde?" It wie eins samar klear: "It makket my it measte net út." Dat beide manlju inoar koene, sil ek wol wat skeeld hawwe.

**K. Visbeek** waard ris yn 'e fakânsjetiid ta de foargong noege. "Ik preekje ornaris net yn dizze tiid, mar jo treffe it dat wy al fuort west hawwe. Sadwaande kin it om my wol oangean." "Ik kin it ek net helpe, mar hjir stiet in Hollânske preek op myn listke." "Jo meie fan my net fergje, dat ik yn de fakânsje yn oarmans taal preekje." De oare hong der lang tsjin oan, mar hy koe net oars as bûge foar safolle stânfêstens.

**M.al-Yanis**, iman yn Malang op East-Java, lies lêsten in stik út de koran foar yn de taal fan syn moskeefolk, it Yndonezysk. Dêrtroch draaide er foar twa jier de bak yn. (Deiblêd 31-8-2005, side 2) Mei sa'n taalwet fan de Raad van Kerken in Friesland soe elk fan ús eigen dûmny's om en om twa jier yn de Marwei sitte en in fearnsjier yn it hout stean. Mar de AIVD achte de koal it fet net wurdich en dêrmei koe de Raad van Kerken in Friesland ek al net oars as de sneintemoarns-opstannigens oer te sljochtsjen. Wêrom't dan net folle mear dûmny's as in hantsjefol fanwegen komme en op 'e tromme slagge?

**K.F.S., net frij-út.** As sa maklik in eigentalige tsjinst los te krijen is, wêrom steane ús preekfroulju en -hearen der dan net mear op oan? Yn it begjin fan augustus haw ik ien fan har, dy't yn Bitgum yn it Hollânsk foargean soe, dêr op wiisd. Hy woe der amper op yngean en yn Bitgum wie syn taal uzes net. As sa maklik in eigentalige preek los te krijen is, mar ús eigen preeksters en prekers stjoere der net op oan, dan moatte se net kleie en klieme dat it taalkundich yn tsjerke net einet. Se geane, op in hantsjefol nei, net frij-út, o heden nee. Noch helte sterker jildt dat oardiel it K.F.S., dat al 97 jier bestiet en yn alle duldsomens en sûnder in hân te war te slaan, op 'e dea (yn 2008) wachtet.

**K.F.S., amper fertuten.** De 28-ste fan augustus soene oarehelte en ik yn Deinum tsjerkje. It hie yn beide grutte kranten stien, it koe dus net oars as wier wêze: Frysk. Mar yn tsjerke foar alle wissens de wenstige frage steld: Frysk of Hollânsk? De helpkoster wie net op 'e hichte, dat dy frege om help fan boppen, fan de oargelist. Syn andert wie teloarstellend, dat wy binne fuort mar wer ôfset. Deselde sneins waard op mar trije plakken - fjouwer minus Deinum - echt preke neffens it Deiblêd en op mar seis - sân minus Deinum - neffens de Ljouwerter. De sneins dêroan wie it net folle better. Net rekkenjende mei de trije Fryske Oekumenyske

---

tsjinsten yn Earnewâld, Hegebeintum en Hjerbeam, wiene der trije echte prekaasjes neffens it Deiblêd en sân neffens de Ljouwerter. Dat wiene alle fruchten dy beide dagen yn it 97-ste jier fan it K.F.S. (1908-2008)

*K.F.S., opdracht.* It liket my in lyts keunstke ta om de ploech fan de eigen preekfroulju en -hearen te mobilisearjen en har der op te wizen, dat se oe sa maklik bydrage kinne oan de grutte sprong foarút en der tûzen blommen mei bloeie litte kinne. Ik fergje fan gjin preekster/preker, dat hja/er har/syn tsjerkerie mei de taalwiksel oankomt: "Tenei is ús eigen sprake goedernôch." De plof dy't dat jaan soe, soene deaden by falle. Mar mannich V.D.M. wurdt wolris yn in oare tsjerke noege. Dan hoecht hja har/hy him gjin taalbetingst stelle te litten. De eigen kar-út-twa komt dan del op 'e eigen taal. En klinkt it "moarn gemeente" út it hout wei net helte better as it ûntfryskjende "goedemorgen gemeente"?

Fedde Schurer hat it oer "de taal fan God ús jûn". Mar der sil wol nearne beskreaun stean, dat God ús it Hollânsk jûn hat, dat wy ús mar del te lizzen hawwe by Gods Woord in Gods Kerk. It Kristlik Frysk Selskip hie in opdracht: Gods Wurd yn Gods Tsjerke. De Friezinnen en Friezen ûntearjende taal kin it wol sûnder.

*Bitgummole, 10 septimber 2005.*

---

## REINFERSLACH UT IN DROEGE WRALD

*De tûn wie skoan, it hiem dat libbe,  
it tilde fan grien en blommen.  
Soargen, droechte en in minne tiid?  
Wat soe 't: Rein wie der elk jier noch kommen.*

*Dêr sloech de wjerljocht yn it hûs,  
sûnt waard der net mear songen.  
De tonger sloech it fjoer wol dea,  
mar rein is der min kommen.*

*In skriemjend hert en bloed dat stjurret,  
sels triennen wolle net mear komme.  
Dan mar wrotte en switte, want dat ferhurdet.  
Mar sil de rein sa komme?*

*De kop der foar en tsjin de wyn,  
wat kin it ek ferdomme.  
Al slaan wy alle wierheid blyn,  
wat seit: Rein moat der ien kear komme.*

*Goaden fan Lok en fan Unlok tegearre,  
wêr sille wy úteinlik telâne komme?  
As Jimme it lykwols net bedjerre,  
dan sil earst de rein noch komme.*

☆ **D**e Friese Pers Boekerij brocht krekt foar de sutelaksje in bysûndere útjefte op 'e merk. It is 'Turks swiet' fan Jan Wolkers, de Fryske oersetting fan it ferneamde 'Turks fruit'. Dy roman ferskynde foar it earst yn 1969 en joech nochal wat opskuor. It boek is oersetten yn tsien talen. De no ferskynde Fryske ferzje, makke troch Nynke Beetstra fan Grou, is de alfde oersetting fan de roman. By deselde tjouwerij ferskynde koartlyn de útjefte 'Samle fersen fan Obe Postma', besoarge troch Tineke Steenmeijer. Prof. dr. Ph. H. Breuker skreau in wiidweidige ynliding oer libben en wurk fan Postma.

☆ **B**y Afûk/Utjouwerij Fryslân ferskynde in werprintinge fan ien fan de troch Dick Eisma gearstalde boekjes mei sprekwurden, siswizen en útdrukkings. It giet hjir om de útjefte 'Dat kin de brune net lûke'.

☆ **Y**n eigen behear brocht Louwina Brokke-Boomsma op 22 oktober har twadde Fryske fersebondel út mei as titel 'Underweis'. De dichteresse wennet yn Ommen, mar is hikke en tein yn Gaasterlân. Yn 2003 ferskynde har Fryske debútbondel: 'Ferwûndering'. Dêrfoar brocht se twa Hollânske fersebondels op 'e merk.

☆ **U**tjouwerij Bornmeer kaam mei it earste Fryske horror-boek. It is 'Fisioenen fan Mary' fan Dean Koontz yn de Fryske oersetting fan Henk Wolf. Fan Wieke de Haan fan Mantgum kaam in bondel frouljusferhalen út mei as titel 'Optriuwe en ôfbliuwe'. Fan de yn Grins wenjende dichteresse Albertina Soepboer kaam yn septimber proaza út. It giet om in werfertelling fan de iere Fryske skiednis mei as titel 'De grutte stoarm'. It is in twatalige útjefte, njonken it Frysk wurdt it ferhaal ek yn it Hollânsk werjûn.

☆ **U**tjouwerij Venus brocht yn septimber twa nije boeken op 'e merk. Yn it foarste plak is dat 'Rachlan' fan Neeltsje Bonnema. It is in bondel ferhalen. Dêrneist waard in romandebút útbrocht: 'It ferrin fan de tiid' fan Sjieuwe Borger.

☆ **M**eindert Bylsma fan Kimswert is de Fryske skriuwer fan kre-  
mearkes. It binne mearke-eftige ferhalen. Bylsma kaam op it wurd 'kre-



---

mearkes', omdat syn ferhalen 'krekt mearkes' binne. Fan 'e hjerst brocht de Koperative Utjouwerij (Q) opnij in bondel kremearkes fan him t mei as titel 'Fan flierefluiters en droechstanners'. Earder ferskynden twa bondels kremearkes fan him: 'Hotputs' (1995) yn de rige 'Ljochtmoanneboekjes' en 'Hite bliksem'. Dy lêste bondel kaam yn 1997 út as boekewikegeskink.

☆ 'Skielk beart de hjerst' is de titel fan in troch Abe de Vries gearstalde blomlêzing mei fersen fan Douwe Hermans Kiestra (1899-1970). De Vries skreau ek de ynliding. De blomlêzing waard op 'e merk brocht troch útjouwerij 'Frysk en Frij'.

---

## NEI FIFTICH JIER: IT FRYSK MANIFEST

*Okkerdeis wie 'k yn Den Haach. Yn de buert fan Huis ten Bosch waard ik oansprutsen troch al wat âldere minsken. "Kinne jo my ek sizze wa't dêr wennet?" frege de man my. "Wis wol," sei 'k, "dêr wennet de keninginne." Doe't de man dat hearde, waarden syn eagen sa grut as teepantsjes. "Is dat wier? It is hast net te leauwen. De keninginne!" Hy draaide him om nei syn frou en sei: "De keninginne wennet dêr. It is net te leauwen", om ta beslút te sizzen: "Wat is de wrâld dochs lyts wurden." "Ja," sei de frou, "jo moatte witte, wy komme alhiel út East-Fryslân."*

*P.Hemminga*

Dat lytse foarfal hat my fuortendaliks foar de East-Friezen ynnommen. En dat ik it hjir oer East-Friezen ha is fansels gjin tafal, mar feitlik hie 'k it krektlike goed oer Noard-, Sealter- of Westlauwerske Friezen hawwe kinnen. Mar dat it East-Fryske pear yn Den Haach sa sûnder skamte sjen liet út de

provinsje te kommen, dat ha 'k dochs folle leaver as de Hollanner dy't brutaal Dútsers even ûnwis makket. Jimme kinne jim grif yntinke mei hoefolle nocht ik hjir hjoed by de Upstalbeam bin: it eardere sintrum foar it beswarjen fan rjocht en frijheid, frede en ienheid, lykas dr. Hajo van Lengen tsien jier ferlyn skreaun hat.

De aardige paradoks fan it East-

Fryske pear makket moai dúdlik, hoe't de wrâld de ôfrûne fyftich jier feroare is. Bestean bygelyks, oars as earder, noch ôfstannen? It antwurd is sûnder twifel ja, as men jin allinne en sûnder mobyltsje, mar mei in stikkene foet midden yn de woastyn befynt. Mar it antwurd is nee, as men betinkt dat wannear't oan de oare kant fan de wrâld wat bart dat binnen fiif minuten al 'breaking news' op CNN is. Net allinne de man fan it East-Fryske pear hat gelyk mei syn sizzen dat de wrâld sa lyts wurden is, ek syn frou hat it gelyk oan har kant as hja witte lit hielendal út East-Fryslân te kommen. De wrâld mei dan lyts wurden wêze, East-Fryslân is noch altiten foar it grutste part fan de wrâld fier fuort, krektlyk as dat myn lân foar grif de measte East-Friezen ek noch altiten ta 'terra incognita' heart. De kennis oer oare folken, kultueren en talen is noch altiten slim lyts, nettsjinsteande tûzenen moetingen, films, ynternet, boeken en brosjueres, om mar te swijen fan it hjoeddeiske ûnderwiis. Sadwaande is it no safier kommen dat langer gjin adres sûnder mobyltsje of TomTom fûn wurde kin. Feitlik kin men fan gelok sprekke as men, lykas iksels, hjir en op tiid kommen is, sûnder al dy moderne helpmiddels. It seit himsels dat sokke technyske fernijingen mar in lyts part binne fan de substansjele foarútgong, ik bedoel soks alhiel neutraal, dy't de wrâld de lêste fyftich jier trochmakke hat.

Fyftich jier ferlyn arbeiden de

Friezen noch benammen yn de lânbou, hoewol't de grutte feroarings doe ek al begûn wienen. Earst de kant fan de yndustriële maatskippij en dan dy fan tsjinstferliening en frije tiid út, sa't de trije Fryslannen, krektlyk as de rest fan Dútslân en Nederlân, ûnderwilens gien binne. Wat dat net foar de Fryske taal en identiteit betsjut en betsjutten hat! Ik neam yn dat ferbân trije faktoaren: yn it foarste plak, benammen sûnt de jierren sechstich en yn alle gefallen statistysk sjoen, it tanommen ûnderwiis en de oplieding fan de minsken. Yn it oarde plak de tanommen mobiliteit dy't alle dagen op de autodyk te sjen is, en tagelyk geweldige streamen fan emi- en ymmigranten oplevert. En, yn it tredde plak, de ûntjouwing fan de media en yn it bysûnder televyzje en ynternet. De televyzje kaam der yn de jierren fyftich en is ûnderwilens suver al wer âlderwetsk. It ynternet hat earder noch besteande ôfstannen foargoed weinommen. Dat wie yn de jierren fyftich noch ûnfoarstelber. Hokfoar nije mooglikheden biedt it ynternet trouwens net foar de ynterfryske kontakten.

De grutte wolfeart duorre, sa koart nei de oarloch, foar de measte minsken noch even. En midden jierren fyftich wie suver alles noch fier fuort. De globalisearing wie al begûn, mar it soe noch oant 1961 duorje ear't dat wurd foar it earst brûkt waard. It wie it tiidrek fan de kâlde oarloch mei hite

oarloggen yn Korea en Yndo-Sjina. De Dútske Bûnsrepublyk krige wer wapens en it Warschau-Pakt kaam ta stân. De ekonomyske weropbou krige fierders alle prioriteit. De jierren fyftich fan de foarige ieu stienen dochs foaral yn it teken fan de oarloch. Oan de iene kant de oarloch dy't krekt west hie en oan de oare kant de oarloch dy't mooglik komme soe. Dat is ek begryplik. Feitlik wienen alle minsken omers yn dy jierren noch slachtoffer fan de oarloch. It grutste part hie de oarloch sels meimakke. "Wêr wie't yn de oarloch?" wie by elke moeting tusken Nederlanners en Dútsers in meast net útsprutsen tinken. Soks stipet de minsklike relaasjes net, mar belêstet en remmet ôf. Nei de oarloch wie de slachbeam by Nijeskâns del. Tsjin dy eftergrûn twinge dyjingen dy't, nei de swarte siden yn it mienskiplik skiednisboek, de foarstap ta de ynterfryske relaasjes op 'e nij nommen hawwe, respekt en bewûndering ôf. Dy foarstapimmers fan 1955 hawwe de nije mooglikheden werkennen en de útdaging oannommen. Trouwens, al yn de hjerst fan 1945, reizge de Noard-fryske, ynspirearjende wittenskipper en ûndernimmer, dr. Frederik Paulsen nei Westerlauwersk Fryslân. En myn lânslju reizgen yn 1947 nei Hoptrop, yn 1948 nei Tondern en yn 1952, nei oanlieding fan it fyftichjierrich bestean fan de 'Noard-Fryske Feriening', nei Husum-Rödemis.

En dan, krekt fyftich jier fer-

lyn, wie, hjir yn Aurich, it earste Frysk Kongres fan nei de oarloch. De 'Ostfriesische Landschaft' hat de doe troch Jan Piebenga holden rede útjûn. Ik sitearje syn slotsin: "In folk dat terpen en diken boud hat, moat net benaud wêze om de wrâld iepen en frij witte te litten: wy binne wat wy wienen, en wy wolle wêze wat wy binne, Friezen!" Dat kin en mei ek hjoeddedei noch sein wurde. Piebenga's appèl' waard fêstlein yn it Frysk Manifest, dat op 28 augustus 1955 hjir op dit plak buorkundich makke waard. Ik sjoch noch de foto dy't ien en oar fêstlein hat. Ik sjoch Jelle Brouwer, Carsten Boysen en Harald Hansen. En ik neam Carl Stegmann en myn lânslju Willem Kok, pater Hettema, notaris Nijenhuis, Bernard Smilde en H.G.W. van der Wielen. Hja wienen der by, lykas tûzenen East-Friezen. De krante hat it oer 3000 Friezen, dy't it kongres mei-elkoar ûnferjitlik makken. In barren dat it fûnemint lein hat foar it fierder oparbeidzjen en tagelyk moed joech foar de striid foar eigen folk, taal en kultuer. Sa skreau 'Frysk en Frij' nei it kongres.

Fyftich jier is in moaie oanlieding om jin nochris ôf te freegjen oft it Manifest brocht hat wat der yndertiid fan ferwachte waard of op syn minst fan ferwachte wurde koe. En dan giet it om it yn it Manifest ta útdrukking brochte gearhingjen tusken en mienskiplikens fan de Friezen. "Wy binne hjir by-elkoar kommen om't wy fiele dat wy, oer alle ferskillen hinne, ta ien stam

---

hearre. Wy sprekke ús út foar it brûken fan ús memmetaal en it mei-elkoar oparbeidzjen," sa seit it Manifest op in moaie, mar tagelyk frij-wat abstrakte wize. Hoe moat en kin it wurk fan de 'Fryske Rie', sa't dy formeel op 18 febrewaris 1956 yn Leer oprjochte waard, nei sawat fyftich jier beoardield wurde?

As ik hjir en hjoed weromsjoch, moat men witte dat ik net hielendal frij bin om dat te dwaan. Ik haw in tal jierren lid fan de 'Fryske Rie' west. En dat hat my, lykas oaren, in soad brocht. Yn it foarste plak moat ik de persoanlike meetings en freonskippen neame. Yn it oarde plak hat it lidmaatskip myn kennis ferdjippe en hoarizon ferbrede, net allinne op Frysk mêd, mar ek yn it algemien. Frjemd genôch is der yn de rin fan myn lidmaatskip, dat sawat tweintich jier nei it oannimmen fan it Manifest begûn, nea oer dat Manifest praat. Ik freegje my dan ek ôf oft de útwurking fan it Manifest feitlik wol safolle om de hakken hân hat. Yn it tredde plak hat myn bân mei de 'Fryske Rie' myn begryp foar de swierrichheden fan it ynternasjonaal oparbeidzjen tige fergrutte. En ik tink dan net allinne oan taalswierrichheden. Hoewol, ik tink noch altiten mei nocht oan de fleurige misferstannen werom, doe't in kollega fan my yn de 'Fryske Rie' bygelyks útlei dat yn Fryslân in akademyske stúdzje 'wolwêzenswittenskippen' útein sette soe. 'Wohlseinswissenschaften' waard hoeden frege, wat mocht dat wol wêze? Ja, 'zum

Wohl', dat wie bekend, mar 'Wohlseinswissenschaften'? Lokkich hat dy stúdzje it net al te lang folholden, dat sadwaande is it probleem om soks út te lizzen ek achter de kimen ferdwûn.

Ik wurd wat algemiener. It Frysk Manifest sprekt him foar de memmetaal út, Frysk of Plat-Dútsk en seit dat de Friezen ta ien en deselde stam hearre. Dat is moai, mar nettsjinsteande sok sizzen, of moat ik sizze ambysje, binne noch waarden taalferskillen oplost. Krekt oarsom, de elemintêre taalferskillen hawwe fan it begjin oan heakken en oezen foar it wurk yn de 'Fryske Rie' oplevere, grutter as de eartiidske slachbeam by Nijeskâns. De taalbarriêres hawwe in mienskiplik wollen en it mienskiplike wurk, yn alle gefallen wat de ynbring fan de Nederlânske kant oangiet, prinsipjeel oan in Fryske elite foarbeholden. Dy taalswierrichheden hawwe der ek ta bydroegen dat de Fryske polityk en de Fryske autoriteiten har yn de rin fan de desennia tefolle en tefier fan de ynterfryske ûntjouwings en mooglikheden ôfholden hawwe.

Ik soe hjir ûnderstreekje wolle dat taal in grut wûnder is. It is wier in wûnder dat men elkoar ferstean kin mei help fan efter elkoar útsprutsen of skreaune wurden, wylst allinne al in oare folchoarder fan letters en wurden in oare fariant, in oare taal, opleverje kin. En alle dagen wer soarget men sels foar dat wûnder, sels sûnder te witten hoe't men soks docht. "Twa ton-

gen falle yn 'e slach en taal flechtet nei de njonkenskikkende sinnen fan 'e hanneling' dichte Tsjêbbe Hettinga yn 1992. Tsjintwurdich giet it tal talen op de wrâld hurd efterút. Njoggentich persint fan de talen ferdwynt noch dizze ieu, dat wol sizze dat dy troch nimmen mear praat wurde, sa is de ferwachting. Hoe stiet it der mei ús eigen talen foar? It westerlauwersk Frysk sil de 22ste ieu grif helje. Mar dêrnei? En hoe stiet it Noard- en Sealter-Frysk of it East-Frysk Plat der foar? Elk hat dêr grif syn eigen gedachten oer. Yn alle gefallen is it wat my oanbelanget helder en klear dat de Fryslannen elkoar net allinne, mar foaral fanwegen de taal noch driuwend nedich hawwe sille.

De drigings foar de lytse talen hawwe noch nea sa grut west as hjoeddedei en tagelyk hawwe de ynspannings om de lytse talen te helpen ek noch nea sa grut west. De 'Fryske Rie' hat al fyftich jier besocht dêr syn bydrage ta te leverjen. Dat de 'Fryske Rie' op fyftich jier weromsjen kin, is op himsels suver al in wûnder. Mei sechstjin ynterfryske kongressen sûnt 1955, in soad meetings en stúdzjereizen, mei dêrûnder foaral de boeremoeting en, ienris de trije jier, de reis nei Helgolân, hat de 'Fryske Rie' yn alle gefallen tûzenen Friezen yn 'e kunde brocht mei it oare Fryslân en de oare Friezen. Dat is mear as foldwaande reden om de 'Fryske Rie' fan herten lok te winskjen mei syn fyftichjierrich bestean.

De mylpeal is noch grutter as

men betinkt dat in fruchtber oparbeidzjen allinne mooglik is mei foldwaande middels en tusken lykweardige partners. Mar yn it gefal fan de 'Fryske Rie' is dêr alhiel gjin praat fan. De middels hawwe altiten fierstente krap west en de ferskillen tusken de Fryske gebieten binne te grut om in lykweardigens yn kosten en opbringsten ferwachtsje te meien. En dan ha 'k it noch net iens oer de al neamde taalswierrichheden, en noch folle mear, de ferskillen tusken de Fryske regio's. Ik hie it oer globalisearing, mar dat is net oan de oarder as men de grins by Nijeskâns passeart. De slachbeam is der net mear, mar de kultuerromte is oan de oare kant fan de grins noch altiten hiel oars. En dan ha 'k it net allinne oer in oare skiednis, mar ek oer in oar tsjerklik-, kultuer-, media-, ûnderwiis- en sosjaal patroan. It giet tagelyk om in oare oerheid en politike organisaasje, men sprekt elkoar sels op in oare wize oan. Sa tichtby en dochs sa fier fuort. Sa eigen en dochs sa frjemd. Dat wurdt net samar útwiske troch jin foar de eigen kultuer út te sprekken, dy't werom gean soe op de woartels fan it folkseigen, lykas it Manifest foar fyftich jier formulearre hat. Dat alles makket it frijwilligerswurk yn de 'Fryske Rie' hiel nijsgjirrich, mar tagelyk dreech en yngewikkeld. It hoecht jin dan ek net te fernuverjen dat it oparbeidzjen net brocht hat wat der mooglik earst fan ferwachte waard. Hoewol, safolle waard der grif net fan ferwachte. Ik sitear

---

dr. Ype Poortinga. Dy skreau yn 1955, doe't er op it Frysk Kongres werom seach: "Hoe grut de praktyske útwurking fan it Frysk Kongres wurde sil, moat ôfwachte wurde. Yn alle gefallen binne sokke kongressen goed foar de betrekking tusken Noard, East en West."

Foar de takomst wol ik de 'Fryske Rie' yn East-, Noard- en Westerlauwersk Fryslân in soad dynamyk en beweging tawinskje. De Fryslannen en it Frysk hawwe dat tige nedich.

Ik moat even tinke oan dy frachtweinsjauffeur dy't okkerdeis yn in weikafee in kopke kofje dronk, mar dêr blykber amper tiid foar hie. Hieltiten rûn er nei de

bak fan syn frachtwein en sloech dêr hurd tsjin oan, om dan wer by syn kofje werom te kommen. Doe't dat twa, trije kear bard wie, koe de kafeebaas it net litte om de man te freegjen wat er krekt by de ein hie. De sjauffeur fertelde dat syn frachtweintsje mar in ton lade mocht. En fierderop stie de plysje en ferkearsynspeksje it frachtferkear te kontrolearjen. De sjauffeur fertelde fierder dat er oardel ton gielsyskes ferfierde. Dat hy moast der foar soargje dat op syn minst in tredde part fan de fûgels fleach as er troch de plysje oanholden waard. En sa is it mar krekt, in beweging hâldt harsels foar de gek, as hja net yn beweging bliuwt. Lang libje de ynterfryske beweging!<sup>21</sup>

Bertus Postma:

## *MINDER KOE EK AL (HAST) NET*

*Yn myn Amsterdammer jierren haw ik in jiermannich yn de kommisje foar it kandidaatseksamen wis- en natuerkunde sitten. De eigen heechlearaar woe syn tiid der net yn fergrieme, dat ik moast mar foar him yn it plak.*

*Dat eksamenkandidaten inoar nochal wat ûntrûnen, seit fansels en dat de kommisje-oardielen dat ek diene, seit lyksa fansels. "De kommisje rikt jo it diploma mei lof út" wie de heechste eare foar in eksaminandus, dy't dan wol foar alle fakken, trochinoar rekkene, (mear as) in acht hawwe moast. Nei dat cum laude kaam it "de kommisje rikt jo it diploma mei in soad nocht út". Dêrnei kaam it oardiel "de kommisje rikt jo it diploma mei nocht út". In judicium sûnder nocht koe der noch krekt sa'n bytsje op troch: "de kommisje rikt jo it diploma út". Net botte opmoedigjend klonk it "de kommisje hat der gjin beswier tsjin, om jo it diploma út te rikken".*

*Ienris haw ik it meimakke, dat de kommisje nei wat hinne-en-wer praat de kandidandus it diploma mar joech. Hy koe net betinke wêrom't er it de jongfeint ûntkeare koe. Dy wie nammentlik nochal ris foar in tentamen sakke. De heech-*

---

<sup>21</sup>Boppesteande foardracht waard yn it Dútsk útsprutsen op sneon 27 augustus 2005 te Aurich, ta gelegenheid fan de betinking fan 50 jier Frysk Manifest.

---

*learaar-wiskunde kundige oan, dat er de eksaminandus de doktoraalstúdzje mei haadfak wiskunde ôfriede soe. Minder koe ek al net.*

*It boppesteande kaam my wer yn 't sin, doe't it hjir yn it gemeentehûs oer de heechste bestjoerder gie. De boargemaster, frou Van Delft-Jaasma, wie yn 1994 diskant útkommen en de rie soe oer har werbeneaming yn 2006 gear moatte. Wa't mei hokker pro- of kontra-arguminten foar of tsjin har oanbliuwen wiene, sil wol yn it ferhoalen bliuwe. Ut it 'koart ferslach fan de gearkomste fan de riedskommisje fan Menameradiel, tongersdei 8 septimber 2005': Iepema - GrienLofts, BJP - wol graach út namme fan de werbeneamingskommisje opmerke oer punt 4 (de brief oer de werbeneaming fan de boargemaster) dat der gjin omstannichheden binne dy't werbeneaming fan mefrou Van Delft-Jaasma yn 'e wei steane. Oan de kommissaris fan de keninginne wurdt oanbefelt (!, BJP) mefrou Van Delft-Jaasma wer te beneamen as boargemaster foar in perioade fan 6 jier, yngeande 16 febrewaris 2006.*

*De boargemaster krige gjin cum laude, gjin 'mei in soad nocht' en net iens 'mei nocht'. Minder koe ek al hast net, mar se krige wól minder: 'dat der gjin omstannichheden binne (...)'.*

*Bitgummole, 26 septimber 2005.*

De measte leden en lêzers hawwe harren bydrage foar it jier 2004, benammen nei de oprop yn it septimber-nûmer fia in strypke, betelle. Foar in lyts tal is dat spi- tigernôch noch net it gefal. Foar harren is foar de twadde kear in strypke ynsletten. In freonlik fersyk oan harren: meitsje it bedrach sa gau mooglik oer op giro 1069535 op namme fan SKATHALDER FAN DE JONGFRYSKE MIENSKIP, Tj. H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. (Brûk net de

ôfkoarting JFM, want benammen RABO-bankrekkenhâlders krije dan wolris berjocht, dat dy namme net by it gironûmer past en dat it jild dus net oermakke wurde kin.)

---

It earstfolgjende nûmer fan 'Lyts Frisia' ferskynt yn maart. Kopij foar dat nûmer kin opstjoerd wurde oant 15 jannewaris nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. Foar mear ynformaasje: tel. 0511-463869.